

## 24 *It hûntsje*

Dêr rint in hûntsje, swart mei wyt.  
Dat hûntsje is syn baaske kwyt.  
Wolsto dat hûntsje ha?  
Sis mar nee of sis mar ja.

### **Suggestje**

De bern sitte yn'e rûnte, sizze it ferske op en jouwe in lyts hûntsje troch. Ien stiet mei de rêch nei de bern ta. As it ferske út is seit it bern dy't it hûntsje yn 'e hân hat, ja of nee. It bern dat mei de rêch nei de oaren ta stiet, draait him om en moat riede wa't it hûntsje hat.

### **Fariaasje**

Der rint in poeske, in geitsje, in kealtsje.